

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	It kolleezje fan DS
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn'e wike fan 20-28 oktober wie wer de tradisjonele Fiskerijwike yn Warkum, mei ûnder oare de strontrace en de fiskerij fan eartiids. Dit jier wie dat foar it earst ûnder de flagge fan Wrâlderfgoed fan Unesco. Kommissaris fan de Kening Brok mocht it startskot jaan.</p> <p>Foar de fiskerij fan eartiids is in ûntheffing noadich fan it Ministearje. De organisaasje hat sels al in tal maatregels naam, lykas in dei minder fiskje en it brûken fan netten mei gruttere mazen.</p> <p>Hoewol oan de easken foldien like te wêzen, waard de ûntheffing, nei moannen fan tarieding, úteinlik op freed 19 oktober ôfjûn, in pear oeren foar de start fan it evenemint. Der binne in soad frijwilligers dwaande mei de tarieding en de útfiering fan dit unike barren, mei Warkum as "haadstêd". Fryslân mei grutsk wêze op dit Wrâlderfgoed.</p> <p>Om derfoar te soargjen dat dit jierlikse barren takom' jier wat flotter útein sette kin, hawwe wy in tal fragen foar it kolleezje:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat is de reden dat de ûntheffing sa lang op him wachtsje liet?2. Hokker mooglikheden hat de provinsje om derfoar te soargjen dat de proseduere foar it krijen fan in ûntheffing foar dit bysûndere barren flotter ferrint?3. Is it kolleezje ree om de organisaasje by te stean yn de proseduere?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) CDA, Fernande Teernstra en Maaïke Prins
---------------	--

Datum	29 oktober 2018
-------	-----------------